

### Fryske Foarlêswike

Oeral yn Fryslân wurdt yn de Foarlêswike foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders. Der wurdt foarlêzen troch pakes en beppes, troch heiten en memmen, mar der binne ek bekende Friezen dy't harren ynsette foar de Fryske Foarlêswike, sa as yn:

Noardeast-Fryslân: Wethâlder **mefrou Pytsje de Graaf** lêst foar op moandei 3 juny om 10.00 op pjutteboartersplak de Krûpelhintsjes yn Dokkum

Fryske Marren: **Boargemaster Veenstra** sil foarlêze op freed 7 juny om 10.00 oere yn pjutteboartersplak de Peuterhof yn Bakhuzen

Súdwest-Fryslân: **Deputearre Sander de Rouwe** lêst foar op freed 7 juny fan 9.00 – 10.30 oere by pjutteboartersplak / bernedeiferbliuw de Bron yn Boalsert  
Wethâlder **mefrou Stella van Gent** giet freed 7 juny om 11.00 oere nei peuteropfang de Windbreker lokaasje yn de Zwetteskoalle Snits  
**Boargemaster mefrou Jannewietske de Vries** lêst foar op moandei 3 juny om 9.30 oere op pjutteboartersplak Us Sté yn Warns  
**Mefrou Riemkje Pitstra**, skriuwster fan de Tomke ferhaaltsjes, lêst foar op tiisdei 4 juny om 11.00 oere op pjutteboartersplak Kiekeboe yn Himmelum  
**Riedslid Sicco Rypma** sil foarlêze woansdei 5 juny om 9.30 oere yn pjutteboartersplak It Ketternest yn Starum

Achtkarspelen: **Boargemaster Brouwer** lêst foar op freed 7 juny om 9.30 oere by KDV Bommelstein yn Bûtenpost  
Tiisdei 4 juny lêst **Riedslid mefrou Maaïke Dotinga** foar by Bommelstein, 10.00 oere

Tytsjerksteradiel: **Boargemaster Gebben** komt tongersdei 6 juny om 10.00 oere nei POV de Bistebus Kinderwoud yn Burgum  
Freed 7 juny om 10.00 oere lêst **wethâlder mefrou Gelbrig Hoekstra** foar op POV de Boartersboat Kinderwoud Sumar  
**Fiskboer Arie Toornstra** fan de fiskwinkel sil foarlêze op moandei 3 juny om 10.00 oere op POV en KDV de Poppestien Kinderwoud Burgum  
**Ald wethâlder mefrou Houkje Rijnstra** giet tiisdei 4 juny om 9.30 oere nei berneopfang Nei 't Sin yn Gytsjerk  
**Riedslid Piet Reitsma** lêst foar op moandei 3 juny om 10.30 oere by pjutteboartersplak de Wâldpykjes yn in lokaal fan de Opstap Oentsjerk